

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
FNP, Sijbe Knol
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 24 septimber 2019

Ferstjoerd, **25 SEP. 2019**

Ús merkteken : 01700224
Ôfd/Opjefte : Enerzjy
Opsteld troch : J. van der Wal / (058) 292 58 84 of jvanderwal@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer in sinnepark yn de Iselmar

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 2 septimber 2019, beäntwurdzje wy as neikomt.

Jo ynljedende taljochting:

Sawol de Ljouwter Krante as it Friesch Dagblad berjochten sneon 31 augustus 2019 oer de komst fan in sinnepark yn de Iselmar by de Ofslutdyk. Ynearsten as lytsskalige proefopstelling, en dêrnei mei it eachmerk om te kommen ta in grutskalich sinnepark op it wetter.

1. (<https://frieschdagblad.nl/2019/8/31/gemeente-klem-toch-proef-met-zonnepark-in-ijssemeer>) De FNP hat yn de steategearkomste fan 10 july l.l. hjir al mûnlige fragen oer steld. As antwurd sei de deputearre doe dat der allinich sprake wie fan in ferkening. In mooglike bouwstien foar de RES (Regionale Enerzjy Strategy). Der waard ek sein dat der noch gjin definitive kar makke is troch hokker oerheid dan ek. 2.

(https://frieschdagblad.nl/2019/7/11/vroeg-verzet-tegen-plan-voor-zonnepanelen-in-ijssemeer?harvest_referrer=https%3A%2F%2Fwww.google.nl%2F) De berjochtjouwing hjoed ropt dan ek fragen by ús op.

Fraach 1:

Binne jo ta yn de details fan it plan op 'e hichte fan it bedriuw Sunfloat? Sa ja fan wannear ôf is dit plan by jo bekend?

Antwurd fraach 1:

Nee. We kenne de detaillearre plannen net en wij binne ferrast troch de fergunningoanfraach by de gemeente Súdwest-Fryslân. Wol binne we sûnt begjin 2018 bekend mei it berjocht dat Level yn har winnend oanbod oan Rykswekkersteat foar it opknappen fan de Ofslútdyk, driuwende sinnepanielen by Breesândyk foarsjoen hat. Mei sinne-enerzjy sil de Ofslútdyk enerzjyneutraal eksploitearre wurde. Sunfloat hat in relaasje mei it bedriuw BAM, partner binnen Level.

We binne der fan op 'e hichte dat de Minister fan IenW in Rijksinpassingsplan (RIP) fêststeld hat dat pilots/testen mei driuwende panelen by Breesândyk mooglik makket. Fan de ynhâld en it ta stân kommen fan it RIP en de mooglikheden foar driuwende sinnepanielen hat elkenien kennis nimme kinnen fia de planologyske prosedueren en publike meidielingen yn kranten en it Staatsblêd.

Yn it ûntwerp RIP wie romte foar 75 ha sinne-enerzjy (op wetter en lân). Wy hawwe yn desimber 2017 in sjenswize op it ûntwerp RIP yntsjinne. Us sjenswize is foar in diel oernommen yn it definitive RIP. Dêr is yn opnommen dat maksimaal 1 ha sinne op wetter realisearre wurde kin, 5 ha op de dyk en 19 ha op lân (wêrfan 5,5 ha by Breesândyk en 13,5 ha yn de ferkearsknoop Surch). It RIP falt ûnder de Crisis- en Herstelwet, om dy reden is it foar oerheden net mooglik berop yn te stellen.

Yn ús sjenswize ha wy ek oanjûn dat wy graach belutsen wêze wolle by it ûntwikkeljen fan de konkrete plannen foar opstellingen. Rykswekkersteat ferklearret de detaillearre plannen ek net te kinnen en ek ferrast te wêzen troch de fergunningoanfraach by de gemeente Súdwest-Fryslân. Sunfloat sil neist de omjouwingsfergunning ek in wetterwetfergunning by Rykswekkersteat oanfreegje moatte. Dy oanfraach is noch net dien.

Fraach 2:

Kinne jo ús dat plan takomme litte?

Antwurd fraach 2:

Nee. Wy beskikke dêr net oer.

Fraach 3:

Kinne wy op grûn fan de RIP (it Rijksoverheidsplan) foar de Ofslutdyk noch mear dizze fan inisjativen ferwachtsje dy't yn striid binne of konfliktearje mei bestend provinsjaal belied, it bestjoersakkoart of dy't folslein nij binne? Sa ja, hokker inisjativen binne dat?

Antwurd fraach 3:

Nee. It antwurd op fraach 1 makket dúdlik hokker romte der is foar ûntwikkeling fan sinne-enerzjy by de Ofslútdyk.

Yn 2018/2019 is yn it ramt fan de útfiering fan de Agenda IJsselmeergebied 2050 in enerzjyferkenning Iselmargebiet útfierd yn opdracht fan de provinsjes Flevolân, Fryslân, Noard-Hollân en Oerisel. It einrapport fan dy ferkenning is op 12 febrewaris 2019 (kenmerk 01634367) nei jo ferstjoerd. Dizze ferkenning wurdt brûkt by it opstellen fan de Regionale Enerzjystrategyen yn dizze provinsjes. Yn it saneamde RES-proses wurdt, nei it rieplachtsjen fan belanghawwenden, besjoen oft der romte is en hoefolle romte der is foar de produksje fan duorsume enerzjy yn 'e Iselmar. It RES-proses Fryslân giet dit neijier fan start. Jo wurde dêryn belutsen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris